

Natuerkoöperaasje Baarderadiel

De Natuerkoöperaasje Baarderadiel is offisjeel oprjochte op 17 juni 2009 yn de tsjerke te Leons. De Natuerkoöperaasje bestiet al 3 jier, mar is dochs foar mannichien in noch ûnbekende club.

It doel van de De Natuerkoöperaasje Baarderadiel is behear en ûntjouwing fan de greidefûgelpopulaasje, flora en faunabehear en beskerming fan it âlde lânskip, dat tige gaadlik is foar de greidefûgels.



Foto: Guus van de Sande

It gebiet:

It wurkgebiet is de eardere gemeente Baarderadiel. It gebiet is imtrint 600 ha grut. De Hesenser- en Lionserpolder bij Jorwert binne it kearngebiet, wêr Natuurmonumenten in soad lân in eigendom hat. Mar it gebiet is grutter: Ek lân yn de Wammerterpolder, de polder Swaanswert, lân by Klaiterp en tusken Baard en Winsum.

Leden:

Leden fan de koöperaasje binne Boeren, Natuurmonumenten en saneamde Boargerleden. It bestjoer fan de koöperaasje ferset in soad wurk. Net allinich is der oerlis met boeren oer it gebrûk fan it lân, mar ek wurdt oarlein mei de provinsje, de Ruilverkaveling, it Wetterskip, de Bûn fan Jagers en de Fûgelwacht. Belangen fan sawol boeren als greidefûgels wurde behertige, troch te praten oer wetterpeil, subsydzjes, kontrakten, neisoarch en predaasje.

Ferskillende foarmen natuerbehear:

De ferskillende foarmen fan natuerbehear, dêr't boeren oan mei dwaan kinne, binne:

- Partikulier Natuerbehear, wer't de bestimming fan de perselen oer set wurdt nei Natuer.
- Agrarysk Natuerbehear, wer't yn it gebrûk fan de perselen rekking hâlden wurdt met de natuer en mei namme mei de greidefûels. Foarbylden binne bygelyks it letter meane fan lân, it brûken fan rûge dong en en it oanlizzen fan plas - en drasgebieten.
- Natuerbehear, oanwiisd as kompensaasjegebiet foar it oanlizzen fan dyken en wyken as de Heak om Ljouwert en de Súdlânnen.

Resultaten:

Trije jier nei de oprjochting fan Natuerkoöperaasje Baarderadiel binne der positive resultaten te melden. It tal briedpearen fan greidefûgels, lykas de skries en de tsjirk nimt ta en mear jonge fûgels wurde fleanflug. De ljip giet oeral yn Fryslân yn tal werom, mar yn ús gebiet minder slim. It ledental fan de Natuerkoöperaasje nimt ta. Hieltyd mear boeren kieze foar in útstelde meandatum en lizze plas- en drasgebieten oan. Krûdrike greiden, fol mei bloeiende gerssoarten ferdwine oeral yn it lân, mar komme yn ús omkriten in soad foar.

Belangstelling?

Mear ynformaasje fine jo op de webside : www.nkbaarderadiel.nl

Drage jo de greidefûgels in waarm hert ta, dan kinne jo ús stypje . Mei jo stipe kinne wy soad wurk fersetten om de ferskate foamen fan natuerbehear te begelieden en te stimulearjen. Greidefûgels moatte behâlden bliuwe foar no en yn de takomst. Stypje ús om dit te realisearjen! Ynformaasje om lid te wurde kinne jo fine op de webside of fia de sekretaris Johannes Wassenaar . Email : info@nkbaarderadiel.nl .Mobiël: 06 30947676.

Foto's Frans van der Stoep: <http://dorp.jorwert.nl/foto/nkbaarderadiel/index.html>